MOASJE

Wurklistpunt: 7. Moasje frjemd oan de oarder fan de dei
Underwerp: Gjin btw-ferheging fan 6% nei 9%
De ried fan de gemeente Achtkarspelen yn gearkomste byinoar op d.d. 02 novimber 2017
Fersiket it kolleezje: in oprop te dwaan oan it nije regear en de Twadde Keamer om ôf te sjen fan de btw-ferheging fan 6% nei 9% en tagelyk dizze moasje foar adhesy oan de oare gemeenten ta komme te litten.
Taljochting: It nije kabinet fan VVD, CDA, D'66 en CU wol de btw op bygelyks de deistige boadskippen, de fytsmakker, boeken, griente en fruit, genêsmiddels, en it iepenbier ferfier ferheegje fan 6% nei 9%. Likernôch ferleget it nije kabinet foar hast itselde bedrach de winstbelêsting foar grutte bedriuwen. De boadskippen wurde djoerder, de winsten fan multinasjonals grutter. Dat jout net folle fertrouwen foar de takomst. It is krekt fan grut belang dat minder minsken gebrûk meitsje fan benammen 'de Voedselbank'. Dizze ferheging rekket foaral de swaksten, dêrtroch komme der mooglik earder mear minsken nei 'de Voedselbank'.
Ut namme FNP fraksje,   T. Brinkman

Stemming:
Voor: FNP (6)
Tegen: VVD, GBA, PvdA, CU en CDA (15)
Motie is **verworpen**.